

De Onnie's en it hynstebal

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 158 5

1e druk: 2019

© 2019 Hilda Talsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl


Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto skriuwster: Jody Wignand

Foto omslach: Arnd Bronkhorst Fotografie

Mei spesjale tank oan Jelmer Chardon

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opsein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwster en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# De Onnie's en it hynstebal

Hilda Talsma





# 1

‘Cake? Ik dacht altyd dat Peter meer fan oranjekoek houde. Waarom krije we dat dan nyt?’

Joop lit de skouders moedeleas hingje. Connie nimt in hapke fan de smodzige cake, mar smyt it ek drekt wer op ’e tafel del. ‘En waarom is er kremearde en nyt begraven? Ik fyn un kerkhof feul sfearfoller as se’n krematoarium.’ Se krijt Joop by de mouwe beet. ‘Salle we naar hús? Ik wil naar hús. Ik gaan nou naar hús, want ik kan hier nyt mear teugen.’

‘Hoesa, do kinst hjir net mear tsjin! Ik ha myn iennichste broer ferlern en do kinst der net mear tsjin?’

‘Nee! Want ik fyn ut nyt earlek dat dy lieve man in ’e bloei fan syn herfst der semar doad near by del donderd is. Hoe denkst dat ut nou met Bon ferder mut? Dy arme Bon het allenech mar dy man en nou’t er kroandoad is bin ik bang dat se alle dagen bij oans op ’e koffy komt en ik kan al dy ellende nyt dach in dach út anhoare. Jou wete self oek wel dat ik met alle winen metprate kan, mar as ut over emoasys gaat dan slaan ik dicht.’ Connie krijt in bûsdoek út ’e tas en begjint sacht te snokkerjen. Joop leit in earm om har hinne.

‘Nou loop ik hier ferdomme nòch an toe alwear te janken! Ik sien der nyt mear út en hew wallen onder de ogen waar je wel un skoudertas fan make kanne.’

‘Noch efkes trochsette leave,’ seit Joop. ‘It is hast dien. De earsten geane al fuort en we kinne Bonnie hjir net allinnich litte.’

‘Ate, Johanna, Roos, Hindrik en Hanneke binne der oek nòch, hoar!’

‘Wit ik wol. Mar se wolle aanst graach mei-elkoar noch efkes sop en broadsjes ite by Bonnie thús en dêr hearre wy by.’

‘Dan gaan ik daar nou heen om alfast de soep op te setten! Dan mutte jou mar even met un ander teruchride.’ Connie triuwt de bûsdoek yn ’e tas en rint nei Bonnie ta, mar sy hat it drok mei ôfskiednimmen fan de gasten.

‘Hé, Ate. Wúst teugen dyn moeke sêge dat ik alfast de soep op set en de broadsjes smear?’

Ate sjocht freegjend nei Johanna en sy sjocht freegjend nei Roos.

‘Wat?’ seit Roos.

‘Connie wol nei it hûs fan dyn beppe om it sop op te setten en de broadsjes te smarren,’ seit Johanna.

Roos lûkt oan it skouder.

‘Laat oek mar, ik weet waar de sleutel leit. Ik red my wel. As jim straks teruch binne, hew ik alles klaar. Dat is foar Bon oek wel moai, want se het ut se druk had de laaste tyd. Nou, tot straks dan mar.’

Ate sil noch wat sizze, mar Connie is al fuort.

‘Dit komt nooit goed, Johannes. Dit sil mem grif net wurdearje. Connie hat in hiele oare manier fan húshâlden en itensieden.’

‘Wy kinne der neat oan dwaan, Ate. En sa dreech is it no ek wer net om sop op te waarmjen en broadsjes te smarren.’ Johanna kloppet him op it skouder en rint dan nei de wc.

Se stiet foar de spiegel en leunt mei beide hannen op ’e wasktafel. De triennen rûgelje har oer de wangen en se krijt in bûsdoekje út har tas om de noas te snuten. Se kin noch net befetsje dat Peter der net mear is. Ferline wike hawwe se noch by Peter en Bonnie iten omdat se op Hanneke past hiene en Hanneke wie sa wiis mei har pake. Ek mei har beppe, mar Peter wie dochs wol har grutte held. Se mocht by him op ’e rêch en op it skouder sitte, hy gong mei har te fytsen en hie folle mear geduld as Bonnie. Sy is mear fan lekker ite

en drinke en soarget derfoar dat alles netsjes en gesellich is, mar se is net sa aktyf as Peter wie. Je soene dochts echt swarre dat dy man neat mankearre en ynienen lei er dea op bêd. Se hat sûnt dy tiid oars net dien as neitinke oft se ek eat oer de holle sjoen hat of sa. Mar hoe lang't se der ek oer neitocht, der kaam har neat yn 't sin oer in sykte, want dêr wie Peter te fitaal foar. Hy is ien fan de lokkigen dy't thús yn 'e sliep stoarn is, omdat it hert it bejûn hat. Krekt as omke Hannes doe. In moaiere dea kin se har net betinke, mar foar de neibestanden komt de klap al ferrekte hurd oan.

Se snút de noas noch in kear, rjochtet de rêch en giet wer nei de oaren ta.

Hanneke dribbelet tusken de minsken en de tafels troch. Se sjocht der sa leaf út yn har nije wite jurkje en har blûne kroltsjes dûnsje fleurich op en del. Hanneke soarget foar libben op de dei fan de dea en dat is wol in gerêststellende gedachte. Ate stiet neist Bonnie om ôfskied te nimmen fan eltsenien en de seal is lokkich hast leech. Hy sjocht der wurch út, mar net ferslein. Hy hat hiel flink west de ôfrûne dagen en se is bang dat de klap komt as alles achter de rêch is en it gewoane libben trochgiet sûnder Peter. Sa giet it faak. Nei de begraffenis sakket de adrenaline fuort en sakje de minsken letterlik yn elkoar. Se hopet dat se der dan foar him wêze kin. As dokter kin se dat altyd goed, mar no't it sa tichtby is, hat se har twivels.

Hindrik hat de earms om Roos hinne slein en se leit de holle tsjin syn boarst. Se hawwe no hast in jier ferkearing en it is in prachtich stel. Roos is hielendal opbloeid sûnt dy aaklike Joost fan it toaniel ferdwûn is en se fielt har ek thús op 'e buorkerij. Se kin goed opsjitte mei har skoanâlden en der hat sels al praat fan west dat se oer in jier tegearre de pleats oernimme sille. Dan ferhuzet se definityf nei Frisum en sil

se hjir ek wurk sykje. Fulltime boerinne liket har neat ta, mar in takomst op de pleats sjocht se wol sitten.

Ate hat Hanneke op 'e earm en se lûkt him oan 'e noas. Bonnie moat der om gnyskje en krijt Hanneke fan him oer. 'Gelukkech hew ik dit kleine dinkje, anders was ut leven ineens wel heel saai wurden, Ate. Feartech jaar trouwd weest en ineens is er doad. Mar moai dat je nyt an sukke dingen denke as je trouwen gaan en nou ik dit metmaakt hew, wil ik oek gyn andere kearel mear. De kaans dat dy ouwe nûten semar kroandoad naast dy op bed lêge wurdt hieltyd groater.' Se jout Hanneke in tût op it wang en dan set se it famke op 'e grûn. 'Salle we mar gaan. Idereen is wech en dan kan ik thús met de soep an 'e gang.'

'Dêr is Connie al mei dwaande,' seit Ate drûch.

'WAT?! Hoesoa, daar is Connie al met an 'e gang? Ik hew gistermiddach de hele dach in 'e keuken staan om alles foar te bereiden en nou sal dat ouwe serpent seker myn soep anbranne late! Hoe krijt se ut in hur lilleke kop!'

'Se soe ek broadsjes smarre,' gnysket Ate.

'Nou mut ut nyt malder! Ik sù spesjale broadsjes make met salm en carpaccio! Daar het dy bloemkoal gyn ferstand van! Dy komt nyt ferder as un broadsje kees of ham. Meskyn nòch un broadsje met ham én kees, mar dan is ut oek wel deen met de kreativiteit in 'e keuken. Regele jou ut hier ferder even? Dan gaan ik alfast dy kant op.'

'Hoe dan?' freget Ate.

'Hoe dan?'

'Ja. Hoe dan?'

Bonnie tinkt efkes nei en dan stampfuottet se op 'e grûn. 'Ik bin met jum in 'e auto! Nou, dan mutte we hier gauw de boel afhannele, anders is myn man nyt alleen doad mar dan fikt myn hús oek nòch af! Dan hew ik helemaal niks mear! Kan



ik dan fijn bij jum woane in dat moaie hús an ut water, want ik hew in 'e stad oek eigenlek niks mear te soeken.'

Johanna en Ate sjogge elkoar ris oan en skodholje tagelyk. Lökkich sjocht Bonnie dat net, want sy rint nei it frommeske dat niis de kofje fersoarge.

'Bedankt foar alles, ut was gesellech, mar wij mutte nou echt op hús an. Tot de folgende kear!'

## 2

‘Hat mem dat no echt sein? Ha ik dat goed heard? Ut was gesellech, tot de folgende kear?’ Ate krijt in broadsje fan ‘e skaal dy’t Connie op ‘e tafel set en sjocht earst wat der tusken sit.

‘Ik kan echt wel broadsjes smeare en soep opwarme, hoar!’ byt se him feninich ta. ‘Gaast der heus nyt doad an.’

‘Ik mei dochs wol efkes sjen wat der tusken sit? Ik ha bygelyks leaver tsiis as ham.’

‘Ate Kamstra! Doën nou es un kear nyt se eigenwys en freet gewoan wat de pot skaft. Dyn moeke had allemaál fan dy aparte dingen in ‘e koelkast en daar hew ik myn eigen kreativiteit op loslaten. Op dyn broadsje sit fan dat roaie spul met sipels en un hearing.’

Ate lúkt in fiis gesicht en leit it broadsje wer op ‘e skaal. ‘Tapenade mei hjerring en sipel ... hast ek ien mei tsiis?’

‘Fal doad!’ Connie dribbelet nei de keuken ta en Bonnie spat omheech.

‘Se gaan jou nyt met myn seun om en sukke dingen sêge je nyt as myn man krekt kremeard is! En wat betreft dy broadsjes ... JE HEWWE ALLES FERPEST!! Dus gaan mar gauw naar hús te knippen en skear je wech út myn hús en na fandaach wil ik jou oek noait, MAR DAN OEK NOAIT mear sien! De soep hewwe jou oek noch anbranne laten, hoe dom kan un meens weze! Oprotte! Ik hew de freeslekste dach út myn leven en denkst alleen mar an dyself! Ik hew gewoan helemaal niks an jou!’

‘Blij dat jou ut sêge want ik denk der presys se over!’ Connie docht de skelk foarwei en smyt him nei Bonnie ta. ‘Hier, serpent!’

‘EN NO HA IK SKJIN MYN NOCHT!!’ Joop slacht agressyf

mei de fûst op 'e tafel en de skaal mei broadsjes fljocht de loft yn. 'Ik fyn it djiptryst dat jimme op dizze dei sa'n rúzje meitsje om neat. Ik bin myn broer kwyd, Ate syn heit, Johanna har sk oanheit en Hanneke en Roos harren pake! It giet net allinnich om jimme en dat aaklike, ferfelende en benammen bernige divagedrach! Jim binne gewoan in stel asosjale fiskwiven sa't jim jim no gedrage!'

Joop is fjoerread en Bonnie barst yn triennen út. Se draaft nei de keuken en Johanna giet achter har oan.

'Pake Peet?' seit Hanneke en se sjocht om har hinne.

Ate slokt in brok yn syn kiel fuort en aait har oer de holle.

'Pake Peet is fuort, Hanneke. Hy is nei de himel en wennet no tusken de stjerren.'

Hanneke sjocht nei boppen en wiist nei de lampe. 'Hoi pake!' ropt se en se wiuwt mei beide hantsjes.

Eltsenien begjint te kielskraabjen en te snotterjen. Roos rint gûlend by de tafel wei en Ate fljocht achter har oan nei boppen. Joop giet ferslein neist Hanneke sitten. Hy slacht in earm om har hinne en de triennen rûgelje oer syn wangen. Connie sit op Peter syn stoel en dikeret wezenleas foar har út nei bûten. Mar ynienen fearret se oerein.

'De buurfrou komt der an met un bos bloemen! Bon! Kom gauw!'

De doarbel giet en Connie dribbelet nei de keuken. Se sleept Bonnie mei nei de foardoar en docht de doar iepen. 'Kyk, sien, de buurfrou met bloemen.'

Bonnie lit buorfrou deryn en dy stiet der wat ûnbeholpen by mei it grutte bosk blommen.

'Wat un prachtege bloemen! Presys myn smaak en kleur! Wy het se útsocht? Jou?' Se sjocht de buorfrou mei ûnleauwen oan en dy skodhollet. 'Nee, Peter. Der sit oek un brief bij.'

Bonnie krijt it boeket en fisket in brief tusken de blommen

wei. Se hâldt him yn it ljocht en besjocht him fan alle kanten.  
'Un brief fan Peter foar mij? Hoe kan dat nou wear?'

'Twee jaar leden kwam er op un avend bij oans te klaverjassen en toen kregen wij ut over doadgaan en soa. Hy kwam de folgende dach met disse brief en de opdracht welke bloemen ik bestelle must.

Hij froech of ik dat by jou brenge kon as hij soamar doadgaan sú of soa. Ik was ut eigenlek alwear fergeten mar Piet nyt. Hy kwam met de brief op 'e proppen en het bloemen haald.'  
'Gaan sitten. Wúst oek un lekker bakje anbrande broccolisoepp?' freget Connie.

'Nee, ik gaan wear naar hús. Ik hoar ut later wel. Sterkte, Bon!' De buorfrou slacht de earms om Bonnie hinne en jout har trije tuten foardat se fuortgiet.

Connie lit har derút en Bonnie rint mei triljende hannen nei de tafel dêr't eltsenien wer sit.

'Geef my dy bloemen mar, ik set se wel in ut water en dan kanne jou dy brief open make.' Connie krijt it boeket en rint dermei nei de keuken.

'Ik durf ut nyt,' gûlt Bonnie. 'Wille jou ut doën, Ate?'

'Mem har namme stiet derop, net minent. Ik meitsje him iepen, mar dan moat mem him sels lêze.'

Ate makket de slúf foarsichtich iepen en hy hellet de brief derút. Hy teart him iepen en jout him dan oan Bonnie. Joop skoot in stoel achter har del, sadat se sitte kin en se sykhellet djip. Wylst se lêst, wikselje lytse glimkes en glinsterjende triennen elkoar ôf en as se klear is, hâldt se de brief tsjin it boarst.

'Magge wij oek wete wat der in staat?' freget Connie leaf.

Bonnie knikt en se jout de brief oan Connie.

'Ik gaan ut nyt foarlezen! Dat mut Johanna mar doën of se.'  
Connie jout de brief oan Johanna.

‘Dat doch ik ek net, hear.’ Se sil de brief oan Ate jaan, mar Roos ropt de brief foar syn noas wei.

‘Ik doch it wol!’ Se giet sitten en teart de brief foarsichtich iepen.

‘Foar myn allerleafste famke, broer en skoansuster, bern en beppesizzers,

As jimme dit lêze dan bin ik der net mear. Op it momint dat ik dit skriu wiel ik my topfit, mar je witte noait hoe’t it libben ferrint. Ik ha it gefoel dat ik dit dwaan moat en ik wit seker dat ik earder nei de ivige jachtfjilden gean as Bonnie. Dy is sa sterk, ik tink dat sy wol hûndert jier wurde kin.’ Roos suchtet in kear en giet dan fol faasje fierder. ‘Mar leave Bonnie, ik ha al sa faak sein dat ik fan dy hâld en dat wol ik graach noch in kear dwaan as ik der net mear bin. Yn al dy jierren dat we by elkoar wiene, ha ik lokkich west. Ek ast werris rúzje hiest mei dyn suster. Wy wiene twa hannen op ien búk en it wie altyd gesellich, thús. Ik wol dy betankje datst sa goed op my past hast en wat ha wy noch in ryk libben krigen mei ús beppesizzers. Ik genietsje sa fan dy prachtige famkes en ik hoopje dat ik net drekt fuort bin as ik dea bin, mar noch efkes by jim omdangelje kin, as in geast of sa. Mar dêr ha ik gjin ferstân fan, fierder, dus ik wit net wat der barre sil. Ik hoopje al dat jimme de famyljebannen beethâlde en net wer sa sloere litte as earder wol bard is. Joop hat jim nedich en hy moat it no allinnich tsjin jimme opnimme, dus doch it net al te mâl.

Ik wol tsjin Ate en Johanna sizze dat ik grutsk op harren bin en dat ik it geweldich fûn om mei te gean mei it skûtsjesilen. De Alinde hat dien wat Hannes foar eagen hie en dêr bin ik ek tankber foar. As ik Hannes tsjinkom dat sil ik him dat

allegear fertelle en ik winskje jimme noch in goed en lokkich libben ta. En wolst tsjin Joop en Connie sizze dat ik ek wiis mei harren wie?

Leave Bonnie, hast 50 jier myn allerleafste famke west en dat silst foar ivich bliuwe. Oant in folgjend libben, ik wit dy te finen.

Leafs Peter.’

Roos hat weardich de brief foarlêzen mar as se klear is, brekt se. Se moat sa gûle en Hanneke begjint ek mei har lipkes te lûken. It duorret net lang foardat se allegear by de tafel sitte te snokkerjen en Ate leit in earm om syn mem hinne.

‘Dat wie in moai gebaar fan heit, mem,’ seit er heas.

‘Dyn fader was oek un heel moai meens en ut is ferrekte jammer dat er doad is. Hoe sal ik oait wear echt leve kanne en gelukkech weze?’

‘Dat gaat wel lukken, Bon,’ seit Connie wylst se in trien fuortfaget. ‘Ik hew in al dy jaren al sefeul ferdrietege ferhalen hoard in de kapsalon mar se komme úteinlek altyd wel wear op ’e poaten terecht. Jou oek, al mut ik daar self foar sòrge.’

### 3

‘Daar is se wear, hoar!’ Connie smyt it kofjekopke leech yn ‘e goatstien en set it mei in klap op it oanrjocht.

‘Se fynt it gesellich om hjir te wêzen en se wol in oar net ta lêst wêze,’ seit Joop achter de krante wei.

‘Dat kan wel soa weze, maar se is mij nou soa langsemerhand wel tot last. Ik kan myn werk nyt eens mear fatsoënlek doën, omdat se der konstant tussendeur loopt te zemelen. Se het oek overal un mening over maar nergens ferstand fan.’

‘Us hûs is no al wiken netsjes,’ prottelet Joop sacht.

‘WAT?! Dus jou fine ut wel leuk dat se hier sewat alle dagen is en de boel oprúmt? Dat se koffy foar jou set, de earpels skilt en ut onkrúd tussen de tegels wechhaalt?’

Joop knikt. ‘Ja! En de ruten himmelet en de tún oanharket. We hiene better in nije poetsfrou oanskaffe kinnen doe’t dy oare siik waard. It is gjin ferrassing mear wol, dat wy beide net sokke himmele figueren binne as Bonnie en Peter.’

‘Weest wat, ouwe dropfeter? Dan must bij dy bloemkoal woanen gaan! Dan hest alles foar mekaar en dan nim ik wel wear un poetsfrou! As ik dit praat de rest fan myn leven anhoare mut, dan gaat myn eigenwearde, myn kapsalon en myn huwlek naar de kloaten!’

‘Sa bedoel ik it net, Connie. Dat witst dochs wol.’ Joop leit de krante del en hy laket flau nei har.

‘Ut enechste dat ik weet, is dat ik der genoech fan hew. Gaan mar met dat serpent naar de Aldi of soa. Of naar de Leen Bakker want dat fynt se de moaiste winkel fan Leewarden. Mar laat mij un kear met rust, soadat ik oek wear un kear fatsoënlek myn werk doën kan en un eigen leven leide kan!’  
‘Joehoe! Jonges, ik hew tòch sukke lekkere koekjes bakt, gisteravond! Kyn, sien.’ Bonnie goait in pûdsje op ‘e tafel en

Joop sjocht der gleon nei. ‘Lekker, Bonnie! Wat hast dizze kear makke?’

‘Kaneelkoekjes met family dertussen. Ik hew un heleboel maakt, ik dòcht dat ut meskyn oek wel gesellech was foar in ’e kapsalon. Ik mut earlek sêge, Con, dat ik noait dòcht had dat jou soa met mij begaan weze súden, maar je hewwe je woard houden.’

‘Welk woard?’ freget Connie.

‘Dat jou der self foar sòrge súden dat ik wear op myn poaten terecht komme sú. En dat hewwe jou deen. Ik foël my hier soa welkom en ik fyn ut altyd se’n leuk foarútsicht om naar de kapsalon te gaan! Ut praten met de andere frouwen helpt mij en ik foël my nyt mear soa alleen. En ik bin oek blyd dat ik dy helpe kan met de húshouding omdat ik weet dat ut nyt dyn sterkste punt is mar ik snap nou oek waarom. As je de hele dach soa hard an ut werk binne, dan hewwe je daar oek gyn puf mear foar.’ Bonnie stompt Joop hurd oan. ‘Ik fyn dat jou op dat gebiet nòchal wat steken falle late want Peter was een stuk aktiver, hoar! Mar goëd, je binne nou éénkear se’t je binne en ik bin blyd dat ik se’n lieve family hew. Dat wú ik even sêge.’

Joop komt oerein en leit in earm by Connie om it skouder. ‘Fynst dat no net hiel moai om te hearren, Con?’

‘Dat jou de kantsjes deraf lope, bedoele je? Ja, dat fyn ik inderdaad wel es moai om te hoaren. Bedankt foar de koekjes, Bon, mar ik mut nou echt naar de kapsalon. De earste klanten komme deran.’

‘Graach deen en as ik in ’e hús klaar bin, dan kom ik oek, Con. Ik set oek wel even koffy, straks.’

Connie forsearret in sunich glimke om ’e mûle. ‘Nou ... Joop hiero wú graach even met jou naar de Aldi en de Leen Bakker want ik fyn ut hooch tyd dat we nieuwe kussens op ’e bank krije ... tòch Joop?’



Bonnie klappt entûsjast yn 'e hannen en Joop suchtet moedeleas.

'Gesellech tòch? Even naar de Leen Bakker! Daar hew ik al soa lang nyt weest! Dat kon ik geestelek nyt bôlwerke, mar ik denk nou wel wear. Ik mis Peter heel erch, mar ut leven gaat gewoan deur. Dat is an 'e ene kant heel frustrearend want dat foëlt soms heel onearlek, mar an de andere kant is ut oek wel moai, omdat ut je dwingt met te gaan met de tyd. Mar dat begripe je pas echt as je ut self metmake. Dat is op sich wel moai, Con. As Joop straks un kear omwipt, dan kan ik jou helpe se't jou mij nou helpe. Wy had oait dôcht dat wy nòch es twee hannen op één búk wurde súden!'

'Gaan nou mar gauw naar de Leen Bakker want met dit praat kan ik niks! Seur mar teugen Joop an.' Connie rint segrinich nei de kapsalon en Bonnie sjocht har ferheard achternei.

'Waar het sij fandaach last fan?'

Joop suchtet wer en krijt in koekje út 'e pûde. 'Kom, we geane. Wolst rinne of yn 'e auto?'

'We kanne wel even lope, tòch? Ut is suk lekker wear, fandaach!'

Jûns sitte Joop en Connie oan de makaroany dy't Bonnie klearmakke hat, mar Bonnie is earder nei hûs ta gien omdat Roos by har ite sil mei Hanneke. Connie sit mar wat mei de foarke yn it iten om te prippen en se fisket de stikjes sjampinjon derút.

'Wêrom dochst dat?' Joop skept foar de twadde kear op.

'Omdat ik sjampinjons al myn hele leven nyt lekker fyn.'

'Hast in moaie dei hân? Hast gjin lêst fan Bonnie hân want wy hawwe sawat de hiele dei op 'n paad west.'

Connie sjocht Joop ris kritysk oan, mar se seit neat.

'Wat is der no oan?'

Ynienen spat Connie oerein en se smyt de panne mei de makaroany op 'e grûn. 'Alles is der an! Ten earste saten myn klanten de hele dach te seuren waarom Bon d'r nyt was want se kanne niet mear sonder hur koffy en de koekjes. Ten tweede hew ik mij de hele dach affraagd wat jum deen hewwe, dus ik hew nyt één tel rust had! Dan komme jum lúd lachend arm in arm deur de tún lopen en mut ik anhoare hoe gesellech ut was en dat jum lunsjd hewwe bij de Hema. Hoe lang is ut wel nyt leden dat wij un keer lunsjd hewwe in de Hema? Mut ik der nou oek nòch over insitte dat myn suster der met myn man fantussen gaat? Ik hew al seveul ferhalen in de kapsalon hoard en disse oek. Over susters en swagers. Ik bin de hele dach onrustech weest en hè my doadongelukkech foëld en oek nòch per ongeluk ut haar fan Karin swart ferfd in plaats fan road. Ut arme meens siet der nyt út!'

Joop suchtet en lit de holle hingje.

'Sucht mar wear! Suchte je bij Bon oek de hele dach? Ik bin nou gewoan earlek en dat ferwacht ik oek fan jou!'

Joop wurdt fjoerread en de steam komt sawat út syn earen wei. 'Ik moast dyn suster meinimme nei de stêd en dat ha ik dien om dy! Ik ha in hekel oan dat getreuzel yn dy winkels, mar ik ha my der ta setten. Doe woe se ek noch nei de Hema en hawwe wy dat hiele ein fan de Centrale nei de Nijstêd rûn en werom! Bonnie hie hiele seare fuotten krigen omdat se gjin goede skuon oan hie en se wie ek al in kear troch it ankel gien, dus dêrom hie se de earm troch minent. Doe't wy it túnpaad oprûnen, moasten wy laitsje omdat buorfrou stie ôf te skiten wylst se oan 't rúthimmeljen wie en no krij ik ferdomme noch oan ta dit wer op myn dak! Wat miensto no eins wol net? Dat alles allinnich mar om dy draait? Hoe'sto dy fielst? Ik ha my de hiele dei in Jan lul field yn dy winkels om te tûgjen en no krij ik it ek nochris foar de fuotten dat

ik op myn skoansuster fal! Tinkst nei al dy jierren net in momint dat ik noch noait nei in oar taald ha?’

‘Bon is nyt un ander, wij binne gelyk,’ gûlt Connie.

‘Nee, dat binne jim net!’ raast Joop. ‘Do bist folle relaxter en litst my myn gong gean. En do fynst neat oan winkeljen of lunchen by de Hema. Ik fyn de folde koeken dysto keapest folle lekkerder as dy selsbakte lytse koekjes en ik soe gek wurde asto my de hiele dei achterneirinne soest mei de stofdoek. Ik bin wiis mei har as skoansuster, mar dêr is ek alles mei sein!’

‘Nou moai! Dan is dat oek mar wear dúdlek! Rúme jou dy rotsoai even op? Dan gaan ik nou naar Bon toe om te sêgen dat ik nyt wil dat se hier soa faak mear komt.’

Joop sjocht har mei ûnleauwen oan. ‘Ik fyn in ‘sorry, Joop’ no eins wol op syn plak.’

‘Sorry, Joop,’ mompelet Connie.

Hy leit de hân achter syn ear. ‘Wat seist? Ik hear dy net.’

‘Rúm dy rotsoai op!’ Connie sil fuortrinne mar Joop krijt har by de earm beet.

‘Dy famkes ite dêr, dat kinst no net dwaan.’

‘Dat is oek soa. Nou, dan bel ik hur straks wel even.’ Connie sil har loswrakselje, mar Joop slacht de earms om har hinne.

‘Connie ... gek wiif fan my. Ik hâld echt allinnich mar fan dy.’

‘Dat sú ik oek sêge as ik jou was,’ laket se.

‘En no mar gau wer efkes normaal dwaan want dêr ha ik wol ferlet fan. Sûnt Peter dea is, is alles sa oars mar wy binne der noch en dêr moatte wy wiis mei wêze. It kin samar oars en Bon docht wol hiel stoer, mar dy is der noch lang net oerhinne, hear. Se rint fuort foar har gefoel en ik tink dat de echte klap noch komt.’

Wylst Joop en Connie nei it iten op 'e bank sitte foar de televyzje komt Bonnie der op 'e fyts oansjezen.

‘Wat nou wear!’ Connie komt oerein en sjocht achter it rú hoe't Bonnie de hoeke om fytst. ‘Se komt achterom, doën gauw de deur op slot, Joop!’

Joop slofket nei de achterdoar.

‘Harder lope, Joop! Anders staat se hier wear in 'e keuken te seuren en daar hew ik nou dus totaal gyn sin in! Ik hew it druk had en wil graach Goede Tijden wear un kear sien!’

As Joop by de achterdoar is, knalt Bonnie him as earste iepen en Joop stuiteret achterút tsjin de waskmachine oan. Bonnie draaft nei de keuken en se giet ferslein by de tafel sitten, mei de holle yn 'e hannen. Se trillet oer de hiele lea.

Connie stiet ûnnoazel nei har te sjen. Joop gebeart mei syn holle dat Connie nei har ta gean moat, mar se skodhollet wyld en wiist nei him. Hy suchtet en leit in hân by Bonnie op it skouder.

‘Wat skeelt deroan?’

‘Ik kan ut gewoan nyt! Ik kan nyt leve sonder Peter!’ Se gûlt mei lange úthalen en leit de holle op 'e tafel.

Joop giet neist har sitten.

‘Bakje?’ freget Connie. Hy knikt.

‘Fertel,’ seit Joop sacht en hy aait Bonnie oer de rêch.

Se tilt de holle op en drûget de triennen mei in bûsdoek dy't se út har BH fisket. ‘Dy meiden waren fanaven foar ut earst by my alleen te eten. Ik had alles klaar, net soa as anders en had der oek echt feul sin in mar toen we bij de tafel saten waar ut gemis fan Peter soa groat! Ik wist nyt wat ik sêge must want meastal was Peter an ut woord of deed-y un spultsje met de meiden wylst ik met ut eten bezech was.